

# Wjerklank

Jiergong 1 Nûmer 1

## Ynhâld

- 2 It giet oan!
- 3 Twa gedichten fan Postma, Ofskie en Jûn
- 4 Obe Postma en Fokke Sierksma: in 'Dioskurenpear'?
- 10 Grins en Grinslân yn de poëzy fan Postma: Oantekeningen by in reiske
- 13 A joyful thing
- 14 Synjaleminten
- 15 Nijs
- 15 Faria
- 16 Congres 'Wijsgerige aspecten van de poëzie rond 1900 in Nederland'
- 16 Colofon

**Tydskrift fan it  
Obe Postma  
Selskip**



Dit is it earste nûmer fan 'Wjerklank', it tiidskrift dat it Obe Postma Selskip útjout foar syn leden en oare interessarre persoanen en organisaasjes. Dit feit is foar de redaksje oanlieding om efkes tebek te sjen.

It wie yn maaie 2006, dat yn 'e tsjerke fan Skraard in protte minsken ôfkamen op ûnder mear Philippus Breuker syn lêzing oar 'Het landschap van Obe Postma'. Yn it skoft kaam Siebren van der Zwaag op him ôfstappen mei de fraach oft der net in Postma Selskip wie. Se wienen it deroer iens dat dat der eins komme moast en fregen Jan Gulmans, dy't der ek wie, oft hy meidwaan woe. Dat wie it gefal en sa waard dêr dy middeis besletten om stappen te ûndernimmen om ta de oprjochting fan it Obe Postma Selskip te kommen, en, anneks dêroan, fan de Obe Postma Stichting. Begjin oktober 2006 waard ien en oar notarieel fêstlein en op 19 novimber fan datselde jier presentearre it Obe Postma Selskip him yn 'e tsjerke te Koarnwert. Neist muzyk en in presentaasje fan it bestjoer fan syn plannen, joech Tineke Steenmeijer-Wielenga dêr in priuwke fan (har ideeën oer) de biografy oer Postma, dêr't sy mei dwaande is. Op tiisdei 9 jannewaris 2007 waard troch it Obe Postma Selskip de wis- en natuerkundige biblioteek fan Obe Postma oerdroegen oan Tresoar.

Binne dat de aktiviteiten dy't har beslach al krigen hawwe - ôfsjoen fan ús webstee [www.obepostma.nl](http://www.obepostma.nl) (mei syn treflike webmaster Eeltsje de Vries út Hurdegaryp) -, dit kommende jier stiet der in Grinslân-reiske op it programma. Dat sil wêze op sneon 2 juny 2007. Wy stelle ús dêrby foar, dat wy (in oantal fan) de plakken oandogge dy't yn it wurk of libben fan Postma relevant binne. Aly van der Mark draacht

## It giet oan!

Jan Gulmans,  
redaksjesekretaris 'Wjerklank'

gedichten fan Postma by dy plakken foar. Wy begjinne, nei't wy om tsien oere út Ljouwert ôfstutsen binne mei in bus fan de firma Dalstra en fia Drachten nei Grins tein binne, yn dy stêd mei in kop kofje net fier fan ien fan de huzen dêr't Postma wenne hat en ek net fier fan de de ryks-hbs dêr't er mear as fjirtich jier learaar oan west hat. Dan geane wy nei it Hoarnse Djip en dêr brûke wy yn it Elanderhûs de lunch. Oer Leegkerk, Oostum en Wierum geane wy de middeis dan ûnder mear nei Franssum en Helwerd by Usquert. Underweis stekke wy even oan foar in kop tee. En dêrnei dus wer oer Drachten nei Ljouwert. In taljochting en in krekter rûte is fierderop yn it blêd te finen.

Wat dit kommende jier ek op it programma stiet, is in stúdzjedei 'Wijsgerige aspecten van de poëzie rond 1900 in Nederland'. It Obe Postma Selskip organisearret dy dei - nei en op grûnslach fan ideeën fan Philippus Breuker - op 16 novimber fan dit jier yn de lokaasje fan Tresoar. De opset fan dizze dei lit in ferskaat oan tema's en sprekers sjen. Sa sil Gerlof Verwey - de man, dy't sa'n moai boek skreaun hat oer Postma's learmaster Gerard Heymans - sprekke oer 'Albert Verwey als nonconformist' en sil Odile Heynders gear oer de 'Wijsgerige aspecten van de poëzie van Henriette Roland Holst'. Boutens kin op sa'n dei net ûntbrekke. Dat bart ek net, want Marco Goud - skriuwer fan in gelearde dissertaasje: Ziende Verbeelding. Over zien en (on) zichtbaarheid in poëzie en poëtica van P.C. Boutens - sil op 'e tekst oer 'Boutens als wijsgerig dichter'. Philippus Breuker sil yn syn bydrage Postma besykje te pleatsen tusken Nietzsche en Plato, wylst Dick van Halsema sprekke sil oer 'De rol van filosofie in werk en dichterschap van Leopold'. En, krekt

oft dit noch net foldwaande is, sil Lucien Custers noch op 'e tekst oer 'Filosofie en mystiek in het werk van J.A. dèr Mouw'. Uteraard sil it Obe Postma Selskip alle prikken yn it wurk stelle om de teksten fan dizze stúdzjedei yn in bondel út te jaan en sa foar in grut oantal interessarre poëzij- en/of filosofyleafhawwers tagonklik te meitsjen. Foar beide aktiviteiten kin men jin by de redaksjesekretaris opjaan, ek al foar de stúdzjedei, dêr't letter mear ruchtberheid oan jûn wurde sil.

It earste nûmer fan 'Wjerklank', dat jim hjirby tastjoerd wurdt, omfettet - neist inkele foto's en dit ynliedend artikel 'It giet oan! - in bydrage fan Philippus Breuker oer 'It Grinslân-reiske' (02-06-07). Mrs. Audrey Vanderhoof - dy't wennet yn Forth Worth yn Texas en in grut kenner is fan it oeuvre net allinnich fan Emily Dickinson, mar ek fan Obe Postma - sil ûnder de titel 'A joyful Thing' yngean op de poëzij fan Postma. Sy hat jierren lyn al kennis naam fan 'Twofold' en koartlyn ek fan 'What the poet must know'. It leit yn 'e bedoeling, dat Mrs. Vanderhoof yn in letter nûmer yngean sil op de relaasje Postma-Dickinson. Dit lêste ek op basis fan it Vestdijk-essay oer Dickinson, dêr't sij de Ingelske ferzy fan hat. Jan Gulmans draacht in artikel by oer de relaasje Sierksma- Postma. Postma en Sierksma hawwe inoar in pear kear moete. De earste wie och sa te spreken oer 'Bern fan de ierde' (1953); de lêste wie optein oer Postma's poëzij. Dy hie - sa liet er de Leidske studinten ein jierren sechstich witte - 'it probleem fan 'e siel' foar him oplost. Oan 'e ein wurde noch twa gedichten fan Postma taljochte troch Philippus Breuker en dy jout mei in koart kommentaar ek in oersjoch fan resint ferskynd wurk oer Postma.



## Twa gedichten fan Postma, Ofskie en Jûn

Philippus H. Breuker

Op fersyk ha ik foar dit nûmer fan Wjerklank by de gedichten Ofskie (Samle fersen 181; 1926) en Jûn (Samle fersen 185; 1927) in kommentaar skreaun. Se binne út wat Postma miskyn wol syn bêste tiid as dichter neamt.

### OFSKIE

*As 'k ienkear skiede moat – in ljochte dei  
Yn maaetiid wie my it lichtst –  
Dan set myn bank, dat iepen foar my leit  
Wêr't jimmer 't djipst ferlangen hinne teach.*

*It fine lichem, no in griis te sjen,  
Leit sûnder macht. Mar yn 'e eagen blinkt  
It goede ljocht, en rook komt fan it fjild;  
Wat ea myn leafde hie, giet my foarby.*

*Dan far ik út en stilkes wurd ik wei.  
Wat oerbliuwt is myn skym; beloaits it net te wreed  
En nim gjin print fan de te ploege mom;  
't Koe wêze dat hja spriek wat better wie ferswidj.*

*Al wat er foech jout haw ik jimme bean,  
Bewarje dat; en mei wat leafde tink  
Him nei, dy't mannich ding syn leafde joech –  
Sa lang as duorje mei de skiente dy't er wûn.*

De dichter kin net fergean. As de dea komt, hat it lichum gjin macht mear, mar de siele stiet noch altyd iepen foar de ljochte maaiede. It is ien mei har yn leafde en skiente. Litte jim dat yn my lêze as ik der net mear bin en ferjit it oare, al te ierdske.

It gedicht docht tinken oan oaren dy't ek de lêste wil ta ûnderwerp hawwe. In bekenden is 'Laatste wil van Alexander' fan J.H. Leopold, ek al om dat 'dan set myn bank.' Leopold begjint nammentlik mei 'Dan, als ik tuimel in de kist.' Op Leopold ynspirearre liket my 'Laatste wil' fan Hein Boeken, ek gjin ûnbekenden foar Postma. Dy syn gedicht begjint ek mei in wurdlike parallel: "Nu, zet mij, Zijl, daar ergens op een hoek/ Van 't woud, waar blauw verschemeren de heien,/' wat boppedat ynhâldlik ek nochris ticht by Postma syn greiden komt. Leopold lit Alexander opdracht jaan dat de omstanners sjen sille hoe lyts syn macht is ferlike by dy fan de dea en dêrút ta ynsjoch yn har eigen lot komme, Boeken rjochtet him ta in byldhouwer, Zijl, dat dy him ta liedsman nei in leaflike wrâld makket foar wa't de wei net wit, Postma rjochtet him sels ta de omstanners, yn syn gefal syn takomstige lêzers, fan wa't er graach wol dat dy har ien mei him fiele sille.

It gedicht sprekt fierder wol foar himsels. Allinnich dy bank hat miskyn noch wol wat ferdúdliking nedich. Neffens A.J. Wybenga betsjut dat ledikant en waard earder fan ien dy't slim siik wie, sein: "Hy moat yn 'e bank lizze." It goede ljocht en it motyf fan it ferswijen fan wat gjin foech jout, komme by Postma folle faker foar. It earste hâld ik foar it goddelike (dêr't de minske by Postma diel oan hat), it oare ha ik niis fertaald as it al te ierdske.

### JUN

*De jûn giet om it stille hûs;  
Hja lústerje; elts hat syn dream.  
't Is swalkjens skoft, wat lang fersonk  
Sylt wer op libb'ne stream.*

*De frou, wêr't hja op wachtsje mei?  
O wûnder wurk! Koe noch sa'n bloei  
Him iepenteare maitiids blank?  
O jûn! o tinzen' licht gedjoei!*

*De wyn strykt troch it wintersk hôf;  
De man giet mèi syn rûzich paad;  
Dwylwegen nol! O wyld bestean!  
O frjemde tochten' djippe saad!*

*De bern dream' oer har bûnte print,  
De kleur'ge wrâld fan prins en fee,  
En weagje yn har lichte boat  
In reis nei ûnbekende see.*

Fan dit gedicht hat Postma sein: "Ien fan de bêste gedichten, dy't ik neffens my skreaun ha, is dan ek makke nei in print, dy't by ús op 'e pleats yn 'e gong hong. Der wiene eins twa platen: Huiselijk lief en Huiselijk leed. Myn fers wie nei it Huiselijk lief." Op in oar plak seit er noch, tsjin Theun de Vries, dy't it yn syn Fryske stilistyk as ynliding op de lyryske poëzy brûkt: "Dochs is it stik biskriuwend (lykas "De lodde" en "Boerehûs") mei net to folle sentimint."

It is jûn, de tiid fan de langst, de dream giet iepen. By har dy't no libje is dat net oars as dat it altyd west hat, by elke frou, elke man en elk bern. Elk wurdt meinommen op de libbene stream fan de langst, elk nei syn eigen wêzen en bestean. It gefoel fan diel te hawwen oan dat libbene mei fuort wêze, it kin sa wer komme. It is fan alle tiden. De frou teart yn leafde wer iepen, de man lûkt wer it aventoer, de bern litte har licht en frij gean.

It is in gedicht fan klassike ienfâld. De bylden bine elemintêr, de rollen binne klassyk ferdield, de sterke emoasje wurdt noch fersterke troch it sjen op ôfstân. De minske wurdt meifierd troch sterke krêften, it bart oan him. It is in gedicht fan ûnfersniene langst yn pastorale foarm. It is in typysk romantysk libbensgefoel wat útdrukt wurdt. Dat die de print ek, dy't him sa dierber wie, Huiselijk lief. Soe er noch te finen wêze? Dy't it gedicht kenne, sprekt it oan. Sa Theun de Vries, sa Maarten 't Hart. Postma sil syn eigen allinnich wêzen der ek yn field hawwe.

Wurden en sinsbou binne net altyd like maklik. It giet oer it lichte gedjoei fan tinzen, en de djippe saad fan de hertstochten. Se hawwe in toets fan erotyk. Sfear, noch bylden en motiven binne nij, nea net, ek hjir net. Postma bout stadiich troch op ienkear fûne foarstellingen. Hjir kin bygelyks tocht wurde oan Yn it iere foarjier (SF 121) fan 1921 en Yn it heechst fan 'e simmer (SF 139) út 1922, mar ek al oan Us Johan, dat er yn 1911 oersetse fan Klaus Groth (SF 489).

Jan Gulmans


## Obe Postma en Fokke Sierksma: in 'Dioskurenpear'?

### Oanrin

Lit ik, om de miskien wat kryptyske titel fan dit artikel wat te ferklearjen, yn 'e âldheid begjinne. Wat binne dioskuren? Dioskuren binne soannen fan Zeus. Har mem wie Leda, de dochter fan Thestios. Hja wie de frou fan Tyndareos, de kening fan Sparta. De nammen fan de dioskuren wienen Kastor en Pollux. De legenden oangeande de bern fan Leda fariearje wat de ôfkomst oangiet fan de dioskuren. Ien leginde ferhellet, dat Zeus, bekoarre troch de bûtengewoane skiente fan Leda, de gedaante fan in swan oannaam en har, wylst sy oant baaien wie, ferraste. It gefolch fan har ferbining mei de kening fan de himel wie, dat sy neffens guon legenden ien, neffens oare twa aaien fuortbrocht. Út it iene soenen dan Poludeukes – Pollux neamd – en Helena, út it oare Kastor fuortspruten wêze. Soms wurdt der lykwols ek praat fan ien aai, dêr't dan de beide dioskuren út fuortkommen binne, mar sa, dat Pollux as de soan fan Zeus ûnstjerlik wie, Kastor dêrfoar as de soan fan Tyndareos in stjerling.

Krekt as oangeande de berte fan de dioskuren, sa binne ek de legenden, dy't geane oer har dea hiel ferskillend. Noris wurdt de dea fan beiden ferteld, dan wer hyt it, dat Kastor, de iennige dy't stjerlik wie, yn in gefjocht deade waard en dat doe Pollux, net te treasten oer it ferlies fan syn broer, Zeus smeeke om útkomst en wol dizze dat, omdat hy de stoarne de ûnstjerlikheid net mear ferliene koe, hy tastie, dat Pollux de helte fan syn ûnstjerlikheid oan syn broer skinke mocht. Beiden bleauwen se mei-inoar ferienige, mar se brochten de helte fan de tiid troch yn it grêf, de oare helte op de Olympos.

De ferhâlding tusken Fokke Sierksma – berne yn Dantumadiel op 30-5-1917 en stoarn yn Leiden op 22-8-1977 – en Obe Postma liket yn in tal opsichten op in Dioskurenpear. Dat sil yn dizze bijdrage oan de oarder komme. Obe en Fokke kinne sjoen wurde as Kastor en Pollux. De wurdearring, dy't sy foar inoar hienen, wie sa grut, dat Fokke yn in Ingelsktalich boek (oer de ikonografy fan Tibet) rigels fan Obe opnaam, wylst Obe in gedicht



oan Fokke opdroech en Fokke seach as immen, dy't goed of dejinge dy't it bêste syn gedichten begriep.

Wa wie Fokke Sierksma, wat wie syn relaasje mei Fryslân, hokker opfettingen oer poëzij hie hy en wêrom skatte hy de poëzij fan Obe Postma sa heech yn ? Wa wie de man, dy't professor Dr.Theo. P. van Baaren, yn syn 'In memoriam F.S.' (Nederlands Theologisch Tijdschrift, 32, i, 1978; sjoch ek: idem, 'Fokke Sierksma: een deel van ons geweten', yn Trouw Kwartet, d.d. 23 augustus, 1977) it gewisse fan Nederlân neamde? Sokke fragen freegje derom beäntwurde te wurden.

Lit ik begjinne mei in lêzing ('preuelemintsje' neamt hy it sels...), dy't Fokke Sierksma op 14 maaie 1977 – koart foar syn dea – op de ledegearkomste fan it Skriuwersboun yn Akkrum fersoarge. De tekst fan de lêzing fan Sierksma: 'De Friezen romantisi? Ferjit it mar!' is ôfprinte yn it augustus-nûmer fan 'De Strikel' (1977). It wie dus in 'preuelemintsje' oer Fryslân en de romantyk. Dy lêzing, krekt as it measte oare essayistyske wurk fan Sierksma, seit in protte oer de sprekker sels. Hy giet yn op syn relaasje ta en syn betinken oer Fryslân. Wat is syn relaasje ta Fryslân, syn hâlding foar Fryslân oer? (sjoch ek: Sj. Leiker, Gesprek met dr. F. Sierksma, 'De Friezen hawwe net

genôch eigen mear'. Het Vrije Volk, d.d. 14 februari, 1953). Dy relaasje is, aldus Fokke, 'in fêststeand feit, dêr't neat yn 'e wrâld wat oan feroarje kin. Om mei Obe Postma te sprekken – ik bin fan it Fryske lân in bern, gjin lid, dat ek betankje kin. Dat is net oars'. Hy giet dan as folget fjirder: 'Friezen binne romantisi, sizze hjasels. Se hâlde o sa fan it eigene en fan it ferline. No, ferjit it mar. ----- Friezen binne idealisten, sizze hjasels. Dat heart men rûnom. No, ferjit dat ek mar. Elkenien dy't in bytsje thús is yn Fryslân, kin witte dat it hjir tilt fan de spikerhurde materialisten, by boeren en stedsjers, by anty-revolusjonêren en kristlik-histoarysken, by bewegingslju en net-bewegingslju. Ik bin de alpha en de omega, soe bêst op de Fryske ponge skreaun wurde kinne?'. Dêrnei hat er it oer 'it Fryske materialisme, dat in materialisme is, dat net earlik is' (sjoch ek: Geale, 'By it ferskieden fan Fokke Sierksma'. Friesch Dagblad, d.d. 23 augustus '77). Fokke bringt Ludwig Marcuse op it aljemint, dy't skriuwt: "Romantik ist nicht verhärtete Tradition, sondern Traditionsschwund und Tasten nach einem neuen Grund". 'No kin men', aldus Fokke, 'sizze wat men wol, mar – as der hjoed de dei noch romantyk yn Fryslân is – dan fernimt men net folle fan it sykjen om in nij fûnemint'. Wa wie de man, dy't him sa gean liet op 'e ledegearkomste fan it Skriuwersboun yn Akkrum?

## Learnmaster en learling

Sierksma kaam mei syn lettere freon H. Altena yn de hjerst fan 1936 oan by de teologyske fakulteit fan 'e Universiteit te Grins. Beide wienen se – doe al – bûtensteanders, dy't mear godstsjinstwittenskiplik interessearre wienen as teologysk. Al yn 1938 skreau Fokke in skripsje by de godstsjinstwittenskipper Gerardus van der Leeuw oer 'De primitieve mentaliteit'. Dy learnmaster wie och sa wichtich foar Fokke. Yn syn antropology fan 'e godstsjinst gie Van der Leeuw út fan de 'eenheid van het leven', in noasje, dy't Sierksma letter by Postma werom fûn. Sierksma betocht syn learnmaster yn 1951 yn 'Prof. Dr. G. van der Leeuw, Dienaar van God en hoogleraar te Groningen'. Yn 1949 hat er mei syn learnmaster van der Leeuw in fûleinige diskusje hân, dy't yn ôfleveringen ûnder de titel 'Nihilisme en christelijk geloof. Een briefwisseling' yn it tydskrift *Wending* (jiergong 4, maart) ferskynd is. In lyts jier letter skreau er, yn 'e mande mei J. Melkman, 'Eeuwig Israël, zijn huidige plaats in letterkunde, cultuur en wereld'.

Yn 'e oarloch rekke Sierksma belutsen by it ferset en wol by de 'lústerpost' te Ljouwert. In ferslach dêrfan fine jo yn 'Grensconflict' (Den Haag, 1948; sjoch ek: P. Wybenga, 'Bezettingstijd in Friesland. Leeuwarden', II, pag. 374; III, pag. 72, 319, 1975). Yn dy tiid is hy al tige dwaande mei de Fryske literatuer, sa't blykt út in artikel 'In âlde Fryske master: O. Postma, It sil birstean', ferskynd yn *It Heitelân* (Maaie, 1947), mar ek út 'Complete poëzij. In yndirekte en omslachte lokwinsk ta Dr. Obe Postma's 82 ste jierdei', dat yn *De Tsjerne* (1950, III, side 75 oant 83) ferskynde. Hy begjint dat stik mei in – ymplisite – ferwizing nei it stedsje Dokkum en nei Reitsum, dêr't pake Sierksma in buorkerij hie en dêr't Fokke in protte omsloech. Hy neamt Postma de 'grutmaster' fan 'e Fryske dichters. Hy wurdearret de gedichten, dy't geane 'oer in boerinne, dy't ûnwennich is, oer boerepleatsen yn it Fryske lân, oer de ûngetiid, de hjerst, geraniums, it maitiidshûshimmeljen en mear fan dy ûnderwerpen, dêr't de kultuer yn ús ferljochte tiid foargoed mei ôfrekkene hat'; ûndermear fanwege it 'natuerlik concretisme', dat Postma bewarret foar de klisjees fan 'e rymkers (sjoch wat dit oangiet ek: J. H. Brouwer, (1978), 'Oantinkens oan Fokke Sierksma'. *It Beaken*, 40, side. 189-202).

Mar ek, omdat it brânpunt fan Post-

ma's poëtika de ierde is, 'de ierde as de mem fan 'e minsken'. Fokke fielt in skok fan herkenning, as er yn it gedicht *Pinkstersnein lêst*: 'Hokker ierdske blydskip soe hjirby lykje? It heechste lok is op him delsaaid en de himel is him iepene'. Himel en ierde binne ien. Dat is neffens Fokke it earste artikel fan Postma's 'profession de foi'. Mar, dy ienheid is – neffens Fokke – foarwurp of objekt fan leauwe, dat jo op stuiten befêstigje sjogge en op stuiten leagen hjitten troch alle wreedheid dy't natuer en kultuer mar hawwe'. Neffens Fokke devaluearret Obe de himel yn it foardiel fan 'e ierde; dan is der yn 'e himel plak foar de hel en foar beide is der plak op 'e ierde. As jo dy wurden fan Sierksma no – hast sechstich jier lyn skreaun – lêst, kinne jo net om de konklúzje hinne, dat syn resepsje fan de gedichten fan Postma yn manich opsicht net allinne teologysk 'angehaucht' is, mar ek Nietzscheaans ('Bruorren, bliuw de ierde trou'). Hy neamt de libbens- en wrâldskôging fan Postma sterk spiritualistysk. Mar, Sierksma ferwiist yn dat ferbân ek – lit it wêze 'en passant' – nei Plato, yn waans dialogen praat wurdt fan ien hynder fan it minsklik span, dat omheech wol, wylst it oare nei ûnderen wol. Der is gjin heilswei by Postma. Hy leaut yn 'e algeast, om't er oan de ivichheid fan it libben leaut.

## Tusken Plato en Nietzsche

Postma hat, sa blykt út de oantekenskriften dy't koartlings troch de Fryske Akademy oan Tresoar oerdroegen wurden binne, in protte stúdzje makke fan de saneamde libbensfilosofy fan – ûndermear – Georg Simmel. Dy lêste skreau yn 1923 'Fragmente und Aufsätze aus dem Nachlaß und Veröffentlichungen der letzten Jahre'. Dêryn komt it opstel foar 'Der platonische und der moderne Eros' (side 125-146). Simmel seit dêr: 'Plato aber sah, dass die Liebe eine absolute Lebensmacht war und dass ein Erkenntnisweg deshalb durch sie hindurch zu den letzten Idealen und den metaphysischen Potenzen führen musste, zu all den Stellen, an denen das erlebte Leben überhaupt diesen Potenzen verhaftet ist. ---- Der Grieche schaut sein Weltbild gemäß der Idee des Seins, des einheitlichen wirklichen Kosmos, dessen in sich geschlossene Plastik er als göttlich verehrte. Auch wo sein Denken auf die Weltprinzipien der Bewegtheit, der Relativität des Dualismus führte, bestimmte doch das feste, allbefassende, selbstgenügsame und anschauliche Sein die

Gerardus van der Leeuw



letzte Form und die letzte Sehnsucht seiner geistigen Weltgestaltung'. Alles wat hjir sein wurdt is fan tapassing op de poëzij fan Postma, dy't – lykas Philippus Breuker faker as ienris mei klam sein hat – oscillearret tusken Nietzsche en Plato. De lêste syn ideeëlear is mear of minder latint oanwêzich yn de gedichten. De wrâld fan it echte 'zijnde' befynt him, neffens Plato, yn in hegere wurklikheid, boppe de fiske wurklikheid. Plato syn wize fan tinken – sjoch hjirfoar útsoarte Philippus Breuker syn ynlieding by de nije edysje fan de 'Samle fersen', 2005 – lit him as folget op formule bringe: (a) Ideeën binne universalia; de sirkel, de minske, de tafel. Neffens Plato bestiet fan dy objekten in hegere wurkelikheidswearde; de Idee (dizze binne net ôfhinklik fan de fiske wurklikheid) >>> partikularia; in yndividu, (b) Ideeën hawwe in eksistinsje op harsels; twawrâldelear, (c) Ideeën binne net ôfhinklik fan ús tinken; analogy tinken en waarnimmen, (d) Ideeën binne ûnôfhinklik fan de fiske wrâld Ideeën binne foarbylden; de dingen om ús hinne binne ôfbyldingen, (f) Ideeën binne primêr; ús wrâld is der fan ôfhinklik, (g) Ideeën binne transindint, en (h) Ideeën steane bûten romte en tiid.

Dizze ideeëlear, mar ek de foar Postma skaaimerkeende Platoonse eros, dêr hie Sierksma te min each foar. De al neamde Georg Simmel seit: 'Plato bezeichnet die Liebe als einen »Dämon«, d. h. als ein Wesen, das zwischen dem Menschlichen und dem Göttlichen vermittelnd ihre Berührung bewirkt. Während sie für uns nur zwischen Menschen vermittelt, verlegt er, auch während sie dieses letztere tut, eben das vermittelnde Moment aus ihnen heraus in die Beziehung zum



Der driuwt en dûnset mei lûde nocht  
Dyn **libben**, myn Fryslân, hinne

---

En foar my stiet har hiele wêzen,  
Har lange **libben** fan Fryske frou,  
Op har âlde troanje to lêzen.

---

In **libben** sa warber, wiis en kloek,  
Dêr koe wol in hûs op driuwe

---

Mar mear noch bist' my no: it hiele **libben**  
Fan Fryslân joust' my en fan 't folts de siele

---

En it **libben** brûst ta de takken út

---

O, it **libben** komt en it libben giet,  
Op simmer sil winter komme!

---

Want , o wat leafde bynt my  
Oan minskene **libben** fêst

---

Yn bernetiid is alle libben wille:  
Sa ús it **libben** wetter fan 'e stream

---

Hoe bisto it byld, myn apelbeam,  
Fan it brûzjende **libben**, in ivige stream,  
Dy't komt mei hege weagen!

En al it lok fan in **libben**stiid  
It weagt troch myn siele sa heech, sa wiid,  
Hoe fier ek de jierren teagen

---

Hoe libbet yn my 't âlde **libben** fuort. Ik sjoch  
de hjerst dêrjinsen: 't fee stiet op 'e stâl en leech

---

Mar myn ferlangst is mear: ik moat de sielen sjen,  
De rin fan 't **libben** en fan minsken al 't bestean

---

Fan 't fûlste **libben** is it de tiid  
En âlde bylden winke.

---

En wat by syn dreamen hy foar him sjocht,  
Dat is hwat jimme **belibben**!

---

As **libben** sulver leit de see  
Dat de skippen boartsjend kluuwe.

---

Hoe lûkste ús oan, hoe hâldste ús fêst,  
O ljocht fan see en sinne!  
O sa licht te dûnsjen it **libben** troch  
As de skipkes oer 't wetter hinne!

---

It wurdt sa koel, hast is de krêft te'n ein  
Fan't fjoer , dat ús by't simmer 't **libben** joech.

---

Strak slút him 't **libben** yn 'e pleatsen op  
Foar hjerstmis rein en fûle winterkjeld.

---

Út breder rûnte komt it **libben** oan  
Yn byld en print, en alles foars en nij;

---

En al dy wûnders dy't it **libben** joech,  
Dat blier besit, dat om gjin delgong tocht

---

En fan 't bestean fan minsken, 't **libben** sels,  
Sil mear as yn in keunsttaal 't wêzen bliuwe.

---

Mar 't binn' syn eigen sibben, hwer' t hy foar  
It moaiste jout dat libbet yn syn siele

---

En sa beskynde 't al it âlde goud,  
Dat 'k foar my stean sjoch, **libben** as alear !

---

It **libben** wie in ljochte wei omheech

---

O, 't **libben** op it wide fjild,  
Sa frij, sa rom, it hag' him sa!

---

En hjir fûn mannich man it **libben** nei syn sin.

---

Mar d' ierde bliuwt en 't **libben** sterk en bliid.

---

As hertslach giet it **libben** op en del,  
It bloed fan d' ied; en foarser wurdt it slaen

---

En o, folsleine krêft fan 't jonge **libben**,  
Dat stiet foar neat en nei it heechste kluwt!

---

O, al it minskel**libben** is myn sin

---

Dat as in bern tsjinoer it **libben** bleau.

---

De fine takjes mei it jonge grien  
Weve op en del: in **libben** sûnder rêst...

---

Mar fan it nije **libben** wit er neat,  
Dat frjemd foar him, syn eigen wegen giet.

---

O feinten, o freonen, it **libben** is koart  
En faai binne' de flechtige oeren !

---

O dyn **libben** triljend ûnder 'e foet  
Myn ierde, trouwe maat!

---

It heart ta **libbens**wurk, it trouwe, djoere,  
O, dat er wat fan bliuwe mei!

---

Überindividuellen. Das letzte Ziel ist das visionäre Erblicken der Schönheit selbst, die Liebe ist nur der Gehilfe, der 'sunergon' dazu. Und darum kann Plato weiter lehren, dass der vollendete Erotiker an keiner individuellen Schönheit haltmache, sondern in dem einen die gleiche Schönheit erkenne wie in dem zweiten und jedem anderen und dass es deshalb sklavenhaft und töricht sei, das Gefühl ausschließlich an einen einzelnen schönen Menschen zu binden; in das »große Meer der Schönheit« überhaupt wird er seine Liebe ergießen'. Yn Plato is it libben, Aristoteles tinkt deroer, sei – neffens Breuker – Postma syn freon Tjisse de Boer al. Dit Platoonske perspektyf waard al yn 1983 troch Broer van der Hoek yn ferbân brocht mei Diotima's fizy op Eros yn it 'Symposium' fan Plato.

It wol my oan, dat – ôfsjoen fan de ideeëlear fan Plato – by Postma de kategory 'libben' – op basis fan 'e ferbylding – semantysk sterk ferromme wurdt. Postma, bejeftige mei in sterke sinlike geastkrêft, seach de idee 'libben' mei eigen eagen. Dat wol sizze, fan de uterlik sichtbere ferskynsels útgeande, wie er net op 'e siik nei it ferstânlik-abstrakte, mar kearde er yn ta in djippere foarm fan ûnderfining. Yn dy ûnderfining ferskynt de diversiteit fan it waarnimbere yn syntezen oan de inerlike blik. De abstraksje isolearret en deadet, de oanskouwing (it sjen) ferienet en makket libben. Postma syn oanskouwing (wize fan sjen) produsearret gestalten en identifisearret dy as inerlike begjinsels fan 'e ferskynsels sels. Dat is wat Postma leard hat fan 'e libbensfilosofy, benammen fan Georg Simmel mei wa't Postma gemien hie dat se har beide fine koenen yn it adagium: 'Man kann den Philosophen vielleicht als denjenigen bezeichnen, der das auffassende und reagierende Organ für die Ganzheit des Seins hat'. Lit ús tsjin dy eftergrûn ris ûndersiikje hoe de term 'libben' yn 'e poëzije fan Postma figurearret (sjoch side 6).

Al dizze ferwizingen, (omstavere) ûntliend oan 'Fryske lân en Fryske libben I', dokumintearje in estetisearring fan it libben, dy't allinne te begripen is fia de libbensfilosofy dêr't Postma mei yn 'e kunde kommen is. De libbensfilosofy, sa't dy yn it begjin fan 'e 20e ieu opkaam, is yn 'e oposysje tsjin 'Ferljochting' en 'Rationalisme'. It mienskiplike oan de tinkers fan 'e libbensfilosofy wie (a) dat de wurklikheid as organysk opfette wurdt, (b) dat begripen en

logika sjoen wurde as fan beheinde wearde; yntuysje, gefoelsmjittich begripen en direkt oanskôgjen wurde heger oanslein, (c) beweging, wurden, ûntjouwing wurde preferearre boppe it stoare wêzen, (d) der bestiet in fan ús tinken ûnôfhinklike objektive wurklikheid, dy't kenber is, (e) der bestiet net ien grûnlizzend prinsipe, mar twa, te witten it libben en in dêroan kontrêr of tsjinoersteld prinsipe, (f) it ûnstean fan it libben hat te krijen mei wat Aristoteles 'entelechie' neamde, (g) it begryp 'libben' wurdt troch de libbensfilosofen brûkt as in polemysk paraol yn namme fan wearden, dy't der ûnder driigje te strûpen, en (h) it giet de libbensfilosofen om in protest fan de ynhâld tsjin de foarm, fan siel, gefoel en inerlikens tsjin ferstân, begryp en systeem, foar in part ek fan begripe foaroer ferklearje. Al dy karakteristiken komme yn de semantyk fan boppesteande rigels werom.

**Sierksma en de sletten mienskip**  
Sierksma waard, sa hawwe wy sjoen, te Dokkum berne. Dat is net sûnder belang, omdat dat stedsje foar him yn sekere sin in oriïntaasjepunt bleaun is. Dot blykt by lêzing fan it essee "Bern fan 'e ierde". Dit essee (1950), dat de resepsje fan Postma syn poëzij foar in grut part beskaat hat, is in analyze fan syn dichtwurk. De dichten fan Postma ferwize nei Fryslân as lân fan in agraryske kultuer. Sierksma, yn ferskate opsichten in 'laudator temporis acti', hie mei dizze wrâld fan wurden in protte affiniteit. Fokke Sierksma – heechlearaar godstsjinstwittenskip yn Leiden yn 'e santiger jierren – is sûnder mis ien fan Fryslâns meast ferneamde yntellektuelen. Hy wie in learling fan Gerardus van der Leeuw en Helmuth Plessner, in Dútske bioloog en filosoof fan Joadsk komôf, dy't 17 jier lang (1934-1951) as balling yn Nederlân wenne hat. Ek de lêste hat in dúdlik stimpel op Sierksma syn perspektyf op minske en maatskippij set.

Sierksma kiest yn syn esseebondel "Schoonheid als eigenbelang" foar 'het realisme van de aandacht'; it saneamde "gecentrifugeerde eigenbelang" liedt derta, dat de oandacht wurket as in sintrifúzje, dêr't de grinzen yn 'e eigen psyche safier mooglik nei bûten ferlein wurde, wylst hja hyltiid om it eigen mulpunt sintrearre bliuwe. Dat realisme fan it omtinken hie hy mei Postma mien. Mei rjocht kin sein wurde, dat foar Sierksma de 'primitive mentaliteit' wichtich wie. Lykas van der Leeuw die hy mei



oan de fûleinige ynspanningen fan Levie-Brühl en oaren om de moderne en de primitive mentaliteit foar inoar oer te pleatsen. Bekend is Sierksma syn ynspanning om de poëtyk fan Gerrit Achterberg yn dat ljocht te interpretearjen. Yn 'e fisy fan Sierksma siket de minske ienheid, in ienheid yn en efter al syn betsjuttingen, in ienheid fan twa healen, dêr't it libben barsten is. De minske is nei Sierksma syn fisy út it lead slein; dat giet op maatskiplik flak mei sosjale desyntegraasje lykop. Foar dy sosjale desyntegraasje is mar ien remeedzje, te witten de sletten mienskip, dêr't de akkulturaasje gjin ynfloed op hat. Sa't bekend is, stiet it stedsje Dokkum yn 'Bern fan 'e ierde' model foar dy sletten mienskip. Yn Joop Boomsma syn 'Om fan dit lân te hâlden. Fokke Sierksma oer Fryslân yn brief en petear' (Útjouwerij Venus, 2006) leit Sierksma der klam op, dat hy al syn boeken oan syn frou opdroegen hat. Dat hat te krijen mei it feit, dat hy syn frou as boerinne en himsels yn de grûn as boer fielt. No wurdt it ek ferklearber, wêrom Sierksma yn syn boek 'Tibet's terrifying deities' de rigels fan Postma opnaam hat: 'Foar boerinne, dy 't stil har tinzen hat Och minskewrâld, komt en wurdt wer wei, As tearen fan in stream'.

Yn it essee – 'Bern fan 'e ierde' – is Sierksma polemysk as altyd. 'Party minsken hawwe neat op dichtkeunst tsjin, salang as dy deselde funksje hat as de goeie segaer nei it miel'. Nee, poëzije is it iten sels! Hy hellet

syn fereare learmaster Gerardus van der Leeuw derby, dy't hawwe wol dat de dichter de dingen sjocht, sa't dy binne. Sierksma stelt, dat Postma de taal praat fan it gewoane libben, dus gjin útwrydske taal. Yn Sierksma syn fisy wurdt it gewoane, deistige libben optild nei de ivichheid. Wie it earst sa, dat neffens Sierksma Postma de taal praat fan it gewoane libben, ien side fierder seit Sierksma, dat de poëzije fan Postma in wrâld op himsels is, dy't it karakter hat fan in röntgen-apparaat dat it hiele lichem trochstriolet. Sierksma jout in profyl fan de Dokkumer en fan de boer út Reitsum. De lêste soe neffens Sierksma oer Ljouwert prate op in wize, dy't liket op de wize dêr't de âlde Griken op oer de barbaren sprutsen. De Dokkumer boargers stean ûnder it beslach fan 'e sletten mienskip. Yn 'e sletten mienskip sitte alle lytse en grutte stikken fan it libben oan elkoar fêst, ja it is yn Sierksma syn eagen ien grutte famylje. Yn sa'n mienskip kin ien it libben yn syn hiele hear en fear oersjen.

Sierksma trapet yn de fal fan de romantysk-utopyske opfetting, dy't ûnderstelt dat sa'n ûnderstelde sletten mienskip – lykas Postma dy beskriuwt, bygelyks yn syn 'Een Friesch dorp in 1546' – net op 'macht' berêst. Hoe amorf it machtsferskynsel ek is, macht treffe jo universeel oan, ek yn 'e sletten mienskip fan Sierksma. Macht ymplisearret neffens de sosjologen prosessen fan stratifikaasje, boppe- en ûnderskikking, 'fusion' en 'fission' (om de wurden fan Evans-Prichard oan te heljen, dy't Sierksma op oare plakken wol brûkt).

Dat hâldt yn, dat sprekke oer 'e sletten mienskip in ál te perspektivyske fertekening is fan 'e realiteit, ek dy fan Postma syn tiid. Sierksma syn tsjinaksel tsjin it moderne libben ('stêden binne in sânewoastenije, in stêd is in sykte, de moderne wrâld is útinoar rûgele') resultearret deryn, dat hy de poëzije fan Postma sjocht en belibbet as it fehikel om de ferlerne ienheid fan it libben op 'e nij te finen. De poëzije fan Postma is foar Sierksma de remeedzje tsjin de grize sivilisaasje. Sierksma praat oer it dichterlik konkretisme fan Postma, mar wol net sjen dat syn poëzije stiif stiet fan wurden as libben, ûneinichheid, siele, ensf. It falt op dat Sierksma gjin wurk makket fan it psychysk monisme. Hy wit allinne te sizzen, dat alles fuort komt út de geast, ek wat wy stof neame. Dat is mooglik ál te koart om 'e hoeke.



Yn it 'Petearboek. Petear en Profyl' fan Joop Boomsma (Ljouwert, 1976) – sjoch ek Joop Boomsma, 'Om fan dit lân te hâlden. Fokke Sierksma oer Fryslân yn brief en petear', Útjouwerij Venus, 2006 en 'Boomsma hat in petear mei Fokke Sierksma', Alternatyf V, 1975, Nû. 4/5, p. 3-39 – stiet oer de relaasje Sierksma-Postma: "In suver kritykleaze bewûndering hie Fokke Sierksma foar it dichtwurk fan Obe Postma. Hy koe dêr lyrysk, meast mei emoasje yn de stim oer prate. Faak sitearre er út 'e holle in dichtrigel of in folsleine strofe út in fers fan 'de âlde master', sa't er de dichter graach neame mocht. Meast om syn tiraden oer 'it nei de bliksem gean' fan Fryslân te ûnderstreekjen: meganisaasje, lisboksstâlen, foersilo's, it wie him allegear in griis. Yn it wurk fan Postma fûn er [Sierksma] it âlde Fryslân dat er [Sierksma] – ek yn myn [Joop Boomsma] eagen – slim romantisearre. Want Fryslân wie foar Sierksma it plattelân, it boerelibben. Fryske kultuer wie boerekultuer. Sa en net oars. Wa't dêr oars oer tocht, wa't oanheakke by de moderne ûntjouwings yn de lânbou, help Fryslân 'nei de soademiter'. Want, sa wie er [Sierksma] fan betinken, as de boerekultuer feroaret, feroaret ek de Fryske kultuer, sil úteinlik ek de taal feroarje, ferearmje, ferdwine. Kramp-eftich hold er [Sierksma] him fêst oan de oantinkens oan syn jonge

jierren doe't er safolle tiid tabrocht op de stjelp fan syn pake yn Reitsum. De fersen fan Obe Postma wjerspegelje foar in part dy tiid en wienen mei syn hâldfêst. De fersen fan Jan Wybenga omearme er dêrom sa, om't dy him stipen yn syn pessimisme oer de takomst fan Fryslân'.

En fierder: 'Hy wie der ôfgrysliek grutsk op dat de dichter him, by it ferskinen fan 'Bern fan 'e ierde', fertelde dat er fan betinken wie, dat Sierksma him 'wol aardich goed begrepen hie' (sjoch ek: J. Piebenga, 'Skôging fan Bern fan de ierde', Ljouwerter Krante, d.d. 4 april, 1953). Dat understatement ('wol aardich goed begrepen') neamde er de bêste krityk, dy 't er ea kriegen hie. Doe't ik – Boomsma – him ein 1976 útstelde om fan dat essay in werprintinge te meitsjen (in nije útjefte fan de 'Samle Fersen fan Obe Postma' wie op kommandeweie in syn stúdzje soe tsjinje kinne as in nijs-gjirrige ynliding op it wurk fan de dichter), kaam er – siik as er doe al wie, slim depressyf soms – folslein ta libben. Hy beskôge himsels ommers as dé grutte kenner fan Postma syn poëzij. Út in brief fan him: '... om't ik der yn alle beskiedenens gewoan wis fan bin, dat ik fan alle lju dy't oer syn wurk skreaun hawwe, de iennichste bin, dy't him, dat wurk, folslein begrepen haw'.



## De briefwikseling Postma-Sierksma

Op sneon 11 april 1953 skreau Postma de folgjende brief – dizze brief berêst yn it argyf fan Tresoar – oan Sierksma:

'Tige achte freon Sierksma',

'De 28e Maert koe ik Jo noch net mei kennis fan saken foar jo moaie boekje betankje; dêrom doch ik it no noch mar ris. Dat komt wat let, omdat ik sa'n bulte lokwinskbriefven bianderje moast fan alderhande soarte, sadat ik it iderkear wer oare saken oanfetsje moast. Dêrby kaem, dat ik ek ferslach útbringe moast oer in pear histoaryske artikels. Mar no bin ik dêrmei klear en koe ik Jou útiensettingen lêze. Ik bin doch wol in lokkich minske dat der ien is, in gelearde persoan, dy't myn dichtwurk sa goed begrypt en it sa moai sizze kin, sadat ik er sels noch in bulte fan leare kin ! Foaral wat op side 40 stiet, en dêr nei, hat my tige meinomd. Ek al op side 40 dy essensjele útspraak: 'Obe Postma' s dichtwurk hat him ûntjown fan de ûnwennige langst-nei-it-forline ta belibjen fan ferline, hjoed en takomst yn it tideleaze no'. En frâl wezentlik wer op side 45 ' de ûntjouwing fan de histoaryske idylle nei it smertlik feest fan it hjoed, dat by einsluten in feest bliuwt'. En noch op side 47: 'by de geast fan de lytse minske nei de greate Geast'. Ik freegje: soenen der wol foech dichters wêze, dy't har dichtwurken sa moai útbylde seagen ? Dêrfoar dus wol myn tank'. [No folgje wat printflaters út de edysje 1948, dy't ferbettere wurde, JG] Ik haw noch prakkesearre oer in oar, Frysk, wurd foar 'essay', mar ik haw it net fine kinnen'.

'Mei noch ris myn tank en tige groetenis,

Jins O. Postma'.

Op 26 septimber 1957 skriuw Sierksma fanút de Mariënpoelstraat 2 te Leiden de folgjende brief – ek dizze brief berêst yn it argyf fan Tresoar – oan Postma:

'Heechachte Dr. Postma,

'k Woe Jo graach betankje, om't Jo my fereard hawwe mei in eksimplaar fan 'Fan wjerklank en besinnen'. Hwet it winliken foar my betsjutte en betsjuttet, do't ik juster it boekje útpakte en stadichoan lies en meibelibbe, kin ik net goed yn wurden útdrukke, mar Jo sille it begripe, as ik Jo fertel, yn hokker sitewaasjes Jins fersen my oantroffen.

Yn jierren hie 'k net mear yn Fryslân west. Allinnich twa, trije kear nei Dokkum hinne en werom jachte, as myn mem ynienen net goed waard, mar op sokke tiden libbet men yn in sel fan soarch. In wike forlyn bin ik lykwols gewoan út langst nei Fryslân reizge en no wit ik foargoed, dat ik allinnich mar hâld fan it Fryske lân en de Fryske himel. Juster wier it de lêste dei fan myn ferbliuw te Dokkum en ik woe myn kâns noch ien kear goed waernimme. Mei in auto fan myn broer bin ik troch Fryslân riden. 'k Haw by de Ferwerter toer en tsjerke stien, by in winkelwyfke te Jorwert in reep sûkelade kocht, en ûnder Rien oan 'e kant fan de dyk sitten. Do seach ik op in paedwizer 'Sneek' stean en ynienen waarden alle simmers wer libben, dy't ik as jonge trochbrocht by in kouwelerke en syn frou ûnder Offingawier. 'k Bin der daliks hinne riden, haw de auto op it hiem fan in boer efterlitten en bin do lâns de polderdyk nei 'de Syl' ta riden, dêr't omke en moeike – it binne winliken frjemden, mar ik neam hjar noch sa – nou wenje, midden yn de feilige ûneinigens fan greiden en wetter. It hie de hiele dei al in feestdei west en yn 'e auto hie ik sitten te sjongen, mar doe't ik in skoftke letter mei in boatsje op de 'Lytse Potten' draau, wier alles allinnich mar stil en goed en ik moast hyltiten wer tsjin mysels sizze: dit bistiet noch, dit bistiet noch. Moeike frege oft ik net in pear dagen bliuwe woe en doe stie it my ynienen foar de geast, dat ik jouns let noch yn Leiden wêze moast fanwegen myn wirk, yn dit benypt jachtige Hollân, dêr't ik net aardzje kin (allinnich Rotterdam, moat ik sizze, is great yn syn jachtigens). Ik wist, dat ik de bylden yn my bewarje soe, dat dy bylden harsels yn my bewarje soenen, mar dôchs fiede ik skerp, dat as ik yn Leiden wer ta de doar útstappe soe, ik gjin bûtlân rûke soe en gjin stompe toer healwei de kym sjen soe, mar wer yn in skeinde wrâld rinne, tramme en libje moast. Jo sille begripe kinne, dat ik wat mankelyk wier, doe't ik justerjoun út 'e trein stapte. Ik wier bliid, dat ik myn frou en bern wersjen soe, mar werom kin ik – sa tocht ik – har net meinimme en wenje ek earne yn it Fryske lân, dêr't men net besiket om boppe it libben út te razen ? Doe't ik thúskaam, sei myn frou, dat der in pakje foar my wier. It wierne Jins fersen. Ik haw der oant yn de nacht yn lêzen. Jo brochten my Fryslân yn 'e geast op in eagenblik, dat ik it slim, slim brek wier. No't ik Jo dit ferteld haw, sille Jo begripe dat ik foar Jins fersen mear tankber bin as ik sizze kin. Mear hoech ik der net fan te sizzen.

Myn frou hat frege, oft ik Jo de groetenis fan hjar oerbringe woe. Ik winskje Jo it alderbêste. Elk libbet syn eigen libben, mar faaks mei ik hjir yet sizze, dat Jo foar my binne in âlde freon, dy't my faak helpt myn libben te libjen'.

'Tige de groetenis',

F. Sierksma.

'Dit brief hie ik ljeaver mei de pinne skreaun, mar troch in tydlik mankemint oan de tomme fan myn rjochterhân kin ik allinnich mar de mesine brûke'.

## Konklúzje

Postma en Sierksma – it Fryske 'Dioskurenpear', om sa te sizzen – wienen besibbe sa as moarnsstjer en jûnststjer besibbe binne. Sierksma, betiid en fysyk en mentaal traumatisearre út it ferset kaam ('Lústerpost') en, sa't er sels sei in frjemde ein yn 'e teologyske byt fan de universiteit te Leiden, fûn yn 'e fersen fan Postma eat werom fan 'e basale jeugdindrukken en de sletten mienskip, dy't hy opdien, respektivelik belibbe hie op en rûn de pleats fan syn Pake te Reitsum. Hy keas foar de 'via mystica' en seach de fersen fan Postma as fehikels op dy wei en as remeedzje foar de spjalt ('mit sich Selbst entzweit', sei er graach Jung nei), dy't oan it libben anneks is. Fan Platoonske ynfloeden of it psychysk monisme, noch fan 'e libbensfilosofy fan Nietzsche, Simmel en oaren, moast hy fierders eat ha. Sa't út boppesteande brief blykt, litte ek hy oan it romantysk syndroom en de fersen fan Postma wienen, mear dan dy fan Achterberg of Bloem, de krukken, dy't hy nedich hie om te oerlibjen. Postma moat eat oanfield hawwe fan harren affiniteit. It wie net tafallich, dat hy Sierksma oanwiisde as de man, dy't aardich goed troch hie, wêr hy yn syn fersen op ta woe. Yn 'Fan earbewizen en âlde brieven' (side 391 fan de Samle fersen, 2005) – it dicht, dêr't yn op Sierksma sinspile wurdt – seit er:

'Soe men weijaan kinne wat men net hat?

Ja, it kin; ik haw it belibbe.

Yn in brief fan in oare freon stiet it: 'Mei de siele bin ik lokkich klear; ik haw dêr yn mear oan jo te tankjen as jo witte.'

Mear as ik wit; ja, yn in brief sil ik net heech rikt hawwe;

Mar yn it dicht sil de opflecht fan it eagenblik de siele boppe it

As eigen bekende heevje kinne.

Sa soe ik dan weijaan kinne wat ik net besiet'.

# Grins en Grinslân yn de poëzy fan Postma:

## YN GRINSLAN

Sa'n fjirtich jier haw ik yn Grinslân tahâlden.  
Hast de helt fan myn libben haw ik der trochbrocht.  
En jimmer wer haw ik der nei stribbe it Fryske karakter fan  
Grinslân oertsjûgjend iepen te dwaan.  
De terpen haw ik ôfreizge en de pleatsen haw ik beskôge;  
De Aldfryske taaldokuminten haw ik ûnder eagen nomd;  
En ik haw Helwert besocht om my eat fan bard Bernlef  
foar eagen stelle te kinnen.

Yn Grinslân haw ik myn measte fersen makke;  
Mar dy fersen hiene har libben almeast yn Fryslân;  
Dat wie it lân fan myn jeugd en myn leafde.  
Mar in inkele kear wie dêr in ljochte dei of in freonemoeting

dy't syn eigen poëzij hie.  
Myn fersen koenen myn Grinzer freonen ek net sa meinimme:  
It wie in 'frjemde taal' en it gong oer in oar lân.  
Hja seagen my mear as in man fan stúdzje dan as in  
dichtersman.  
Yn in Grinzer ensyklopedy sille hja my beneame as in skriuwer  
fan lytse histoarjestikjes. (SF 400; 1962)

## Inlieding

"Yn Grinslân haw ik myn measte fersen makke;/ Mar dy fersen hiene har libben almeast yn Fryslân." Postma is de dichter fan it Fryske lân en libben, mar dêr sit mear Grins en Grinslân yn as dat oant no ta sjoen is, ek yn Fryslân, al wurdt er yn de Fryske ensyklopedy (1958) dan typearre as:

"Verfijnd lyricus van aardse gerichtheid, maar tegelijk van wijsgerige eenheidsbeleving."

Hjoed wolle wy ris sjen op wat Grinzer plakken oft Postma syn fersen "har libben" hienen. Mar foarôf moat sein wurde dat it plak fan Grinslân yn syn poëzy mear is as allinnich dy plakken. Soms is it min út te meitsjen oft it Fryslân of Grinslân of beide tagelyk is. It binne deselde dingen omers dy't syn niget hawwe, oft se him no yn Grinslân of yn Fryslân treffe of troffen hawwe. Dat jildt fan it begjin ôf. It binne dan lânskip en natuer dy't sprekke. Mar dêr komt yn de rin fan de jierren tweintich de skiednis by. Fryslân en Grinslân wurde dan ta hegere ienheid brocht, in ienheid fan ivich libben, dêr't lân en tiid yn opnommen wurde. Hy skriuwt dan gedichten dy't boppe Fryslân útgean, sa't er it sels neamt, mear epysk as lyrysk. Hy fynt dat er dan syn bêste gedichten skriuwt. It giet dan om guodden as "Op sokken dei" (SF 354), "Jûn" (SF 185) en "In hûs" (SF 203), alle gearre út de jierren 1926 oant 1930. It is deselde tiid dat er

syn Friesche kleihoeve (1934) skriuwt. Ek dat giet oer Fryslân en Grinslân. Postma berikt yn dizze gedichten syn folslein unike plak yn de dichterswrâld.

It âldste is de niget oan it greidlân. Ik tink dat " 't Is Pinkster, Pinkster!" (SF 15; 1901) wolris op in pinksterdei yn Grinslân slaan kin. It giet mear oer belibjen as oer herinnerjen oan earder belibjen.

Dan komt de niget oan de pleatsen. It earste teken dêrfan binne de middelste strofen fan 'Is dichter wêzen oars as 't lok fan 't libben sjen' mei syn pleatsen oan de wei en syn hege hiem (SF 72; 1909). Dat hege hiem faker (ek al yn De boerinne!), ek yn 'As woachsen wie ta foarse krêft' (SF 128, 1922). It Fryske lân dêr is mis-kyn wol ynklusyf Grinslân. Mar ek de stêd krijt syn leafde. De stêd dat is it aktive, eigentiidse libben, it lân it kontemplative en duorjende. Yn 1916 komt dy leafde foar it earst dúdlik út yn 'Wy drukten ús ..' (SF 88) en foaral yn 'Twa finsters hat myn hûs' (SF 89). Sjoch ek SF 204 (1930) en SF 365 (1931). De tsjinstelling wurdt by't âlder wurden opheven, foar it earst yn 'Troch de skreven rûz't de wyn' (SF 206; 1932).

De stêd is ek wol negatyf, as tsjinstelde fan de frije natuer, bygelyks yn 'Ik rûn troch 't gers, ..' (SF 179; 1925).

Begjin jierren tweintich oppenearret him syn mear as gewoane niget oan terpen. Sa kin er yn 1924 yn 'Lyk as yn jonge tiid myn rinnen sneins' (SF 154) skriuwe oer in hege terp en in âld hûs, sûnder dat fuort út te meitsjen is oft it in oantinken oan in loop mei Hellinga nei Allingawier is, in nije yndruk út Grinslân, of beide tagelyk. Reiskes by terpen lâns (cf. 'Sa'n fjirtich jier haw ik yn Grinslân tahâlden': "De terpen haw ik ôfreizge en de pleatsen haw ik beskôge"; SF 400) begjinne yn 1925. Dy sille ferbân hâlde mei syn ûndersyk nei de fjildferdieling, dat útrint op De Friesche kleihoeve (1934).

It terpe-ûndersyk yn Grinslân krige foarm mei de oprjochting yn 1916 fan de Vereeniging voor Terpenonderzoek. Yn 1923 hie Van Giffen foar it earst te Ezinge groeven. Ca. 1926 giet Postma mei de bus nei Oldehove en rint dan oer Ingelum en Saaksum nei Ezinge, dêr't Van Giffen dan (wer) oan it graven is (Gr 23). VG syn grutte ûndersyk dêr begjint yn 1931. Yn Gr 32 (ca. 1930; 1931?) steane (persoanlike?) "Mededeelingen dr. van Giffen" oer Ezinge, yn Gr 44 stiet in ferslach fan de lêzing fan Van Giffen yn febr. 1934 oer syn opgavingen yn de trije foarôfgeande jierren dêre.

## RÛTE

STED.

● by Corps du garde útstapje (hoeke Lopende diep en Oude Boteringestr.), nei OBS 21 en kofjedrinke yn de Librije; bus stiet op Lopende diep N.Z. foar Hummelhonk

OUDE BOTERINGESTR. 21 (1901-1904) HEAMOANNE (SF 69; 1902)

rinne nei Grote Kruisstraat (eardere r-hbs), troch Noarderplantsoen nei Melkweg 4a en Herman Colleniusstr. 34

HBS, GROTE KRUISSTRAAT TEBIN-NENBRINGEN FAN IN ALD SKOAL-MASTER (SF 398; 1962)

NOARDERPLANTSOEN SINNESKYN (SF 197; 1929)

MELKWEG 4a (1905-1920) STR-JITLIET (1914; SF 80); MYN HUS (SF 89; 1916)

HERMAN COLLENIUSSTR. 32 (1921-

# Oantekeningen by in reiske

Philippus H. Breuker

1933; Botke buorman, Gosses op 64) UNLIJIGE SNEIN (SF 206; 1932)

ynstappe (Mesdagplein?) en nei Hoarnse Djip, lunch yn Elanderhûs

HOARNSE DJIP ROMANTYK (SF 144; 1922); DE KUIER (SF 177; 1924)

LEEGKERK BY LEEGKERK (SF 146; 1922)

By tsjerke en pleats Gravenburg lâns, fia Dorkwerd en Wierumerschouw nei Wierum

WIERUM SNEINTEMIDDEI (SF 145; 1922)


Postma hat yn Wierum west, miskyn wol faker as ienkear, want it leit net safier fan de stêd ôf: 'Te Ezing' fansels binn' jimm' kundich; mar haww' jimm' ek stien te Oostum, / Of te Wierum op 't heechste en de fjilden sjoen wiid om jimm' hinne?' (SF 235)

Nei it easten ta sjogge wy Harsens lizzen.

HARSENS PINKSTER (SF 202; 1930)

Op Harsens soe 'En jimmer komme de freugden wer' (SF 202; 1930) slaan kinne.

Johan Dijkstra: akwarel fan Wierum



Postma hat dêr yn 1925 hinne west. Hy beskriuwt it terrein en ferfolget dan: "Het keuterhuis met schuurtje had 3 regentonnen, geen bak. Van hier binnenpad naar Paddepoelsterweg. Daar een boerderij Hunseoord. Binhuis met riet gedekt. Veel overhangend en rustend op pilaren. Een eindje vóór Harsens ligt een wier, waarop een paard liep hoog tegen de lucht vóór een zweelmaschine of hooischudder. Waarschijnlijk de heuvel met 3,3 M. op kaart aan Selwerder diepje. Daar ook bij plank en hoge westeroever."

Werom nei Wierumerschouw en dan nei Oostum

OOSTUM TE OOSTUM (SF 157; 1924)

werom nei Van Starckenborghkanaal, boppe Aduard oer Den Ham nei Fransum

FRANSUM IT TSJERKJE FAN FRANSUM WURDT BESINNINGSSINTRUM (SF 324; 1954)

Yn 1925 besiket Postma Harsens (Gr 17) en Fransum (id.).

Fransum: terp van ongeveer 3 perceelen land, misschien 6 à 7 pondemaat. Er staat nog een boerderij aan den rand en een dubbel arbeider-

dershuis. Nog niets afgegraven. Een preekstoel van oude friezen. Is van buiten bepleisterd en dit weer ge verfd; bruin met witte voegen alsof het verglaasde steen was. Het steenen voetpad is niets dan één liggende steen. Deze schijnt dus niet in den grond te zakken!

It tsjerkje te Fransum wurdt al sûnt 1909 net mear yn preke. Sûnt 1915 besykjen om it restaurearre te krijen, slagget yn 1939. Yn 1954 waard it op initiatyf fan ds. E.F.J. Smits besiningsintrum. Postma hat dat blykber lêzen en makket der in gedicht op.

oer Barnwerd nei Saaksum, Ezinge, Feerwerd, Garnwerd, Winsum, Ranum, Baflo, Rasquert, Warffum, Wadwerd, Usquert, Helwerd; ûnderweis stekke wy even oan.

## SAAKSUM, EZINGE

Ca. 1926 giet P. mei de bus nei Oldehove en dêrwei rinnende oer Englum en Saaksum nei Ezinge, dêr't Van Giffen dan (wer) oan it graven is (Gr 23).

Saaksum: nog al hoog en vrij groot. Nog al kleine paadjes en stuk bouwland vóór de kerk op terp, waaronder grachten. Hoge boomen en veel met steen bevloerde paadjes.

(foarnaamste fan Ezinge is ôfgroeven terp) Hwant yn dy terp hat prof. Van Giffen mear as earne oars fan âld-Fryslân foun. Foaral fan de huzen, al foar ús jiertelling, mar dêrmei ek fan it libben. Mar de folsleine biskriuwing dêr fan is noch nea útkomd. As dat boek noch ris útkomme mocht, in machtich stik wurk as syn boek oer de Hunnebedden. (Frysk en Frij 30-9-1949)

oer Feerwerd, Garnwerd, Winsum nei

## RANUM, RASQUERT

Ranum, fierderop Rasquert (slingertunen, aardich kafee)

Yn 1927 oer de wei nei Raskwerd (fia Winsum, Ranum, Baflo) (Gr 27).

1. Winsum is een hooge terp, zeer dicht bebouwd met sterk hellende straten. Men gaat over diep langs pijp en komt op een 2e, iets lagere terp. Is dat Obergum?
2. Ranum is een mooie terp, waar al een stuk is uitgegraven. Deels bouw, deels weiland. Op de terp staat nog een oude plaats en oud binhuis en een nieuwe plaats. De beide binnenhuizen bestaan uit 2 kamers achter elkaar. Kerkhof wordt nog gebruikt.

3. Inlichtingen van Hekma Wierden. De valg ligt links van den weg; is plm. 35 HA groot, die nog grotendeels bouwland is. Is geschikter voor bouwland dan het overige, omdat de grond zachter, hooger en met meer teelaarde. Hert gehele dorp is mischien 170-180 HA. Ook is er nog een Leenster valg. Hij meent dat zomervalgen braken beteekent. Het land wordt dan, braak liggende, in den zomer nu en dan geploegd.
4. Baflo. Kerk met nog deelen tufsteen. Toren staat apart Z.O. van de kerk. Ook nog al hoog en steile straten.
5. Raskwerd al veel afgegraven. Staan nog veel huizen op terp. Twee arbeidershuizen met oude friezen. Schilderachtig. De aarde wordt door friesche schipper naar Drente gebracht. Het valgland ligt tusschen dorp en Westermeeden; is bouwland en 3 à 4 HA groot; wordt als akkerland aan kleine luiden verhuurd. Oude arbeider kent Aekemaheerd niet. Ook geen valg te Baflo en Tinallinge. Naar groene weg niet gezien omdat het daar alles bouwland was; dus toch niet te onderscheiden. Oud mensch had ossegang om een stuk terp heen, warvan har geit het gras genoot. Huis met "dak" gedekt.
6. Westervalg ligt dicht bij Warfum. Er is hier nog al veel weiland. Warfum iets minder steil dan Baflo en vooral Winsum.

Oer Warfum, Wadwerd nei USQUERT, HELWERD GRUTTER FRYSLAN (SF 228; 1936); HELIAND, Fersen 2958 2966 (út: De tocht op de see fan Galilea) (SF 476-47; 1942)

foar Usquert Wadwerd, fuort ûnder Usquert it kleaster Wytwerd, stie op stee achter de pleats derfoar hie/hat eigen tsjerkhôf en aparte tún, dy is te besjen, Helwerd

ca. 1927 giet er mei de trein nei Usquert en Helwerd (Gr 26, 27)

1. Terp (weiland gezien van Harsens uit) links voor spoor vóór Adorp. Niet bewoond; indertijd de hooi er gesweeld.
2. Terp links van spoor, even voordat spoor naar Zoutkamp er te Winsum bij weg gaat.
3. Terp rechts iets voorbij Warfum.
4. De kloosterplaats te Uskwerd met een er naast, die lager ligt. De eerste had nog kerkhof, waarop voor een jaar of 10 nog iemand



Jan Altink (1885-1971)

- van boerderij begraven was.
5. Naar het zuiden langs den weg op linkerkant eerst nog een stuk dijk, een stuk van den voormaligen grooten dijk.
6. Helwerd zeer hoge terp, een middelstuk er uit gegraven. Bruine aarde, bouwland. Het land tusschen weg en terp ook wel iets hooger. Weg van hoofdweg half om terp heen.
7. Groote Kruisstee iets verhoogd. 2 oude binnenhuizen naar het schijnt naast elkaar.
8. Nabij Winsum aan de Groninger kant een boerderij met steenen muur om het hof.
9. Raskwerd hooge terp met weinig huizen, die druk werd afgegraven

Oer Usquert en Helwerd skriuwt Postma yn De Friesche kleihoeve (38-39): "Deze kaart (fan it karspel Usquert yn 1731, ôfprinte yn boek) beeldt uit een voor Friezen als gewijden grond. Het zal de weg zijn, die zich hier van Helwerd over Wijtwerd, naar Uskwerd en verder westwaarts naar Watwerd slingert, waar langs Liudger en Bernlef samen gingen en waar de heilige den blinden Bernlef ziende maakte. [noat: De daden der voorvaderen en de oorlogen der koningen wist hij in schoone liederen te bezingen.] Nadat Liudger eerst te "Helewirt" den blinden zanger had gezien, ontmoette hij hem den volgenden dag weer; hij liet hem biechten en maakte over zijn oogen het teeken des kruises. En ziet, hij kreeg het gezicht terug en zag "Werfhem" (Warffum ligt ten W. van Watwerd), waar zij later aankwamen, met bomen en gebouwen. In "Wiscwerd" waar een bedehuis stond, baden ze samen. We zien: de weg wordt duidelijk aangegeven, en de grotere dorpen Holwerd in Friesland en Holwierde in Groningen, die somtijds als de plaats van ontmoeting van den frieschen prediker en den frieschen zanger gegolden

hebben, moeten hun plaats ruimen voor het gehucht Helwerd." P. hat dus Liudger te plak brocht! Yn Usquert lei keningslân. Dêr waard de hjir neamde tsjerke op stichte, ien mei fan de earsten yn it Fryske lân. Hjir wie it dat de bline sjonger Bernlef by de Fryske preker Liudger kaem en fan him wer sjende makke waerd. Dit barde eigentlik to "Helewirt" (Helwerd) in buorren ûnder Uskwerd. .. To Uskwerd wie yn Bernlefs tiid in oratorium (bidplak), mar noch gjin tsjerke. ... (kleaster Wytwerd): It âlde tsjerkhôf fan it kleaster wie der doe [doe't ik der wie] ek noch yn wêzen. (de Kruisstee): Yn dit hûs is in skoarstien fan 1461, dy't út it kleaster Wytwerd weikomid is. (Frysk en Frij 7-10-1949) Sjoch oer P. syn oersetting fan parten fan de Heliand: SF 592-593.

werom nei Ljouwert oer Kantens, Middelstum, Grins, Drachten

It reiske nei Grinslân wurdt hâlden op sneon 2 juni ( fan 9.30 oere oant 18.30 oere). As jo meidwaan wolle oan it reiske, dan moatte jo dat skriftlik of per e-mail 2007 oan de skriuwer meidiele. Adres : Dr. J. Gulmans, Wagnerlaan 7, 7522 KH Enschede, Tel.: 053-4345511, E-mail: jan@gulmans.com. Der wurdt fan jo ferwachte, dat jo de 35 Euro (netleden 40 Euro) oan kosten, dy't oan it reiske ferbûn binne, uterlik foar 15 maaie oermakke ha oan it Obe Postma Selskip, ABN-AMRO no. 43 74 43 620 te Enschede.

# A joyful thing

Mrs. Audry Vanderhoof,  
Forth Worth (Texas)

Receiving a book of poetry by a writer not previously encountered offers an exciting prospect. And when the cover of that book invites the reader within as warmly as Dinie Boogaart's "summer landscape" composed "of airy cloudbanks on their limpid way,"<sup>1</sup> the book is already a delight. For an American reader, the true delight comes, however, after reading *WHAT THE POET MUST KNOW: AN ANTHOLOGY*, the first English translation from Frisian of 54 of Obe Postma's poems (spanning the years 1907-1951 and presented chronologically). I feel fortunate to have been introduced to Friesland and to her foremost poet by one whose roots, like Postma's, "go deep in Frisian life."<sup>2</sup> For these delights, I thank the giver of the gift, who again like Postma, has given "a joyful thing."<sup>3</sup>

Joy pervades Postma's poetry, as does love (of family and friends, of life and nature, of Friesland and the earth), and a luminosity which enlightens almost every poem in the collection.<sup>4,5,6</sup> Postma writes of his Frisian heritage in seemingly simple, direct, and conversational poems. Half are built of rhymed quatrains (scheme: abcb), and half are written in blank verse. Only a dozen or so exceed 20 lines. In many, he catalogs childhood scenes filtered through the lens of his memory. In others, he depicts Frisian life and its landscape with the detachment of a dreamer/observer. His poems in their unadorned simplicity remind me most of those of the ancient Chinese poets.

Postma relies on the natural ebb and flow of his lines to move the reader from the past to the present, from the specific to the universal, and "to find in other time a listening ear."<sup>7</sup> Being unable to sound the Frisian tongue, my response to Postma is more as a seeing eye than a "listening ear". Although he speaks of himself in several

poems as a singer,<sup>8</sup> for me, Postma is more a painter than a musician. Like a painter, Postma uses sure, succinct strokes to sketch word pictures from images recalled, as Wordsworth did, in his "inward eye". Like a painter, Postma knows the value of good light, and so presents his "vision bathed in light" as it comes up in his soul.<sup>9</sup> Postma claims he prefers to "feel life itself not constructed like a picture, but as when the soul serves it up."<sup>10</sup> For some readers, the distinction is not easily discerned. Some, too, wonder what to make of a poet who writes about "light" and "soul" with such ease and confidence and without sentimentality. The American reader is comfortable with this ambiguity since Walt Whitman and Emily Dickinson, among others, wrote at times in a similar way.


Postma manages to balance his lines through an objectivity mastered perhaps in his training as a physicist and mathematician. He knew the value and power of elemental things, seen and unseen, and knew them to be energized ultimately by the light of the sun.<sup>11</sup> Postma transferred this objectivity to his poetry--seeing things as they are, yet knowing their mutability. The painters with whom Postma shares closest kinship are those 17th C Dutch artists who took a similar realistic and objective view of life.

Czeslaw Milosz in his international anthology of poetry entitled, *A BOOK OF LUMINOUS THINGS*, states that Schopenhauer "assigned the highest place to Dutch still life," and quotes the German philosopher as saying: "Inward disposition, the predominance of knowing over willing...is shown by those admirable Dutch artists who directed this purely objective perception to the most insignificant objects, and established a lasting monument of their objectivity and spiritual peace in their pictures

of still life..."<sup>12</sup> For me, this is what Postma has done in his poetry. Like Rembrandt, of whom Postma wrote so movingly, Postma "captured this, he let us see the miracle!...[and] thus, portrayed has crossed a world; and it's like your home ground."<sup>13</sup> Whether in America, or in Friesland, in Postma something comes "together of the essence of the world."<sup>14</sup>

## References


1. "Ierdereis"/"Earth Journey" pp. 128/129 (line 3)
2. "As Ik Opdroegen Wurd"/"When I am Borne to My Grave" pp. 108/109 (line 5)
3. "De Jefte"/"The Gift" pp. 58/59 (line 20)
4. "Lok"/"Happiness" pp.34/35
5. "Ofskie"/"Farewell" pp. 68/69
6. "It Ljocht"/"The Light" pp. 30/31
7. "Oan Dy't My Leze Sille Yn Letter Tiid"/"To Those Who Will Read Me In Times to Come" pp. 118/119 (line 6)
8. "Myn Liet"/"My Song" pp. 44/45
9. "Trest Op Klachte"/"Complaint and Consolation" pp. 48/49 (line 22)
10. "Freonen"/"Friends" pp. 100/101 (line 17)
11. "It Ljocht"/"The Light" pp. 30/31 (lines 16-17)
12. Milosz, Czeslaw. *A BOOK OF LUMINOUS THINGS: AN INTERNATIONAL ANTHOLOGY OF POETRY*. NY: Harcourt Brace & Company, 1998 (Harvest Edition), Introduction, p. xix.
13. "De Omkriten Fan Amsterdam Fan Rembrandt Tekene"/"The Environs of Amsterdam, Drawn by Rembrandt" pp. 46/47 (lines 5 and 14)
14. "Dichters Stoffe"/"The Poet's Material" pp. 105/105 (line 15)



# Synjaleminten

Philippus H. Breuker

- Yn dizze rubryk wurde nije stúdzjes oer it wurk fan Postma synjalearre sûnt it útkommen fan de Samle fersen (2005).
- Breuker, Philippus, Oer J.H. Leopold syn 'Schepen liggen er', webstee/site Go-Gol [2006].
- Fraachtekens by de fizy fan Abe de Vries, dat it tiidsbesef by Postma weromgiet op de ynfloed fan Bergson. It brûken fan de ûnfolsleine notiid foar oare tiden as allinnich it aktuele no waard al foar 1900 in soad dien, bygelyks troch Leopold.
- Breuker, Philippus, Het landschap bij Obe Postma, webstee/site Go-Gol [2006].
- Het landschap is een middel voor de dichter om zijn gevoelens van eenheid met al het bestaand uit te drukken.
- Breuker, Philippus, Kommentar fers foar fers, webstee/site Obe Postma Selskip [2007-]
- De boerinne fan Surch Breuker, Philippus (ed.), Obe Postma, Natuurwetenschap en historische wetenschap, webstee/site Obe Postma Selskip [2007].
- Tekst van de niet eerder gepubliceerde lezing van Postma voor het Natuurkundig Genootschap in Groningen (1913). Postma bepaalt zijn positie in een debat dat Heinrich Rickert heeft losgemaakt en waaraan ook Gerard Heymans deelneemt.
- Breuker, Philippus (ed.), Obe Postma, Oude boerenwoorden, webstee/site Obe Postma Selskip [2007].
- Uitgave van een niet eerder gepubliceerde woordenlijst, zoals die door Postma is samengesteld uit .aantekeningen uit boedelinventarissen uit Friesland vooral, maar ook uit Groningen.
- Breuker, Philippus, Selektive bibliografy fan wurk oer Postma/ Selective bibliografie van werk over Postma, webstee/site Obe Postma Selskip [2007]
- Knibbe, Merijn, Enkele vroege boedelinventarissen uit Leeuwarderadeel (1537-1548), yn: De vrije Fries 86 (2006) 141-162. Postma's pionierswerk op het gebied van de studie van boedelinventarissen wordt gesignaleerd.
- Krol, Jelle, Beskriuwing Obe Postma, wis- en natuerkundige biblioteek/ Beschrijving Obe Postma, wis- en natuerkundige bibliotheek. Webstee/site Obe Postma Selskip



- [2007].
- Beschrijving van boeken wis- en natuerkunde uit de nalatenschap van Postma.
- Krol, Jelle, Primêre bibliografy fan wurk fan Obe Postma/ Primaire bibliografie van werk over Obe Postma, webstee/site Obe Postma Selskip [2007]
- Steenmeijer, Frans, Ynlieding Obe Postma, wis- en natuerkundige biblioteek/ Inleiding Obe Postma, wis- en natuerkundige bibliotheek, webstee/site Obe Postma Selskip [2007].
- Beschouwing over de boeken wis- en natuerkunde uit de nalatenschap van Postma.
- Steenmeijer-Wielenga, Tineke, Dr. Obe Postma ... mear as in Frysk dichter/ Dr. Obe Postma ... meer dan een Friese dichter, webstee/site Obe Postma Selskip [2006].
- Opzet van dissertatie-onderzoek voor een biografie van Postma.
- Vries, Abe de, Obe Postma (Farskskrift 12). Ljouwert 2006.
- De Vries stelt foar Plato, dy't Breuker yn syn ynlieding op de Samle fersen (2005) as de liedende filosoof yn Postma's dichterlike begrypsfoarming oanwiisd hat, de filosofy as sadanich fan Aristoteles en de aristotelyske Arabyske filosofen Avicenna en Averroës út de Midsieuwen oer.

# Nijs

Mingd Koar Grou set Obe Postma op muzyk

Het Mingd Koar Grou hat – neffens de Ljouwerter Krante, d.d. 28 maart 2007 – twa komponisten frege om gedichten fan Obe Postma op muzyk te setten. It binne Frank van Nimwegen út Baarle-Nassau en Jan de Jong út Oudehaske, die elk by fiif fersen fan Postma koarmuzyk skriuwe.

De earste opdracht is betelle út in legaat, dat it koar enkele jierren lyn krige. Earst waerd tocht om dêrmei nije leden foar of an it koar op te lieden. „Mar dat rûn net sa hurd“, aldus foarsitter Sybren Boonstra. „En wy tochten: oer fiif jier bestean wy hûndert jier. Dan kinne wy der better wat goede dingen mei dien hawwe, as it mar bewarje. Der is by myn witten net folle fan Postma op muzyk set. Dit like ús in goede gelegenheid.“ De fiif gedichten wêroer De Jong him búgt, ha as ferbynend tema “In dei út it libben fan in boer”. It binne ‘Yn ‘e foarsimmer’, ‘Yn ‘e ûngetiid’, ‘By it kij-opheljen’, ‘Simmers-ein’ en ‘Slot-sang’. De komposysjes fan Van Nimwegen binne al klear. Het koar keas sels foar ‘Yn maart’, ‘Op de lêste dei fan novimber’, ‘It liet’, ‘De dream fan in lokkich libben IV’ en ‘t Hat west, it is’, gearbrocht ûnder de nûmer ‘Bern fan de ierde’.



## Faria

“Zeker liep door Gorters geestelijken aanleg, zooals door dien van alle Friezen, een filosofische ader; hij speelde met begrippen.” Dizze útspraak fan Postma wurdt oanhelle yn syn skrift ‘Taal en Literatuur 3’ út Henriette Roland Holst har boek Herman Gorter (Amsterdam 1933, p. 117); it iennichste, dat er út it boek oanhellet! Hat er grif wat fan himsels yn herkend!

“En sa dindere Fokke Sierksma it earste jier dat wy elkoar koene oer my hinne. Mei útsprutsen mieningen, mei fragen, twifels, emoasjes. Soms mei in ferbjusterjende nayviteit, soms mei in verbaal geweld dat my lytsman makke. En der wiene triennen en godferdommes en laitsjen en stiltes. Wy kamen elkoar sa ticht op ‘e hûd dat wy tsjin elkoar oan leine te gnizen of te skriemen. In freonskip dy ‘t djipper taaste as wat ik earder meimakke”. Yn: ‘Om fan dit lân te hâlden... Fokke Sierksma en Fryslân yn brievewiksel en petear mei Joop Boomsma.

“Welke zijn de begrensdheden van Emily Dickinson’s kunst, waar ligt het kritisch punt, waarop men zou moeten beginnen deze niet meer groot en belangrijk te vinden? Mijns inziens ligt dit punt reeds midden op de schoolmeesterslessenaar. Want hoe klein en onvolkomen is haar vorm (‘vorm’ in een al zeer oppervlakkigen zin opgevat weliswaar), hoe scheef en duister vaak de zinnnetjes, hoe onhelder de rijmen, hoe stamelend en hortend soms de toon; welk een onbeholpenheid, welk een gemis aan klassieke geschooldheid! Het zijn ontegenzeggelijk de puntjes op de i, die ontbreken: een zwaar tekort, door de wetten van geen enkele ars poetica te vergeven. Maar ik voor mij vind deze zoo in het oog springende tekortkomingen, hoezeer ik ook van inderdaad goede ‘volmaakte’ poëzie houd (het is treurig dat deze begrippen soms contrasten zijn...), bijna van dezelfde orde als Slauerhoff’s slordige komma’s”. Uit: S. Vestdijk, 1932 ; geschreven en voor het eerst gepubliceerd in het tijdschrift Forum, 2 (1933) nr. 5 (p.346-366) en nr. 6 (p.432-452).

“Die Schönheit, welche der Zweck aller künstlerischen Hervorbringung und der Gegenstand aller ästhetischen Beurtheilung ist, betrifft die Art, wie die Dinge uns erscheinen. Diese hängt aber nicht blos von der objektiven Beschaffenheit der Dinge und den allgemeinen Bedingungen der sinnlichen Wahrnehmung ab, sondern zugleich ganz wesentlich von der Empfänglichkeit, die wir dem Gegenstand entgegenbringen”. Uit: Philosophische Abhandlungen Christoph Sigwart zu seinem siebzigsten Geburtstage 28. März 1900 gewidmet von Benno Erdmann, Wilhelm Windelband, Heinrich Rickert, Ludwig Busse, Richard Falckenberg, Hans Vaihinger, Alois Riehl, Wilhelm Dilthey, Eduard Zeller, Heinrich Maier. (Tübingen, Freiburg i. B. und Leipzig, Verlag von J.C.B. Mohr (Paul Siebeck) 1900.) Seiten 203-216.

# Congres 'Wijsgerige aspecten van de poëzie rond 1900 in Nederland'

Op 16 november 2007 organiseert het Obe Postma Selskip een congres over de wijsgerige aspecten van de poëzie van Postma en diens tijdgenoten, zoals Verwey, Roland Holst, Boutens, Leopold en dèr Mouw.

Het congres wordt gehouden in Tresoar, Boterhoek 1, 8911 DH Leeuwarden.

Dagvoorzitter is Dr. Jan Gulmans.

## Programma

- 10.30 Inloop, koffie
- 10.55 Opening Drs. Siebren van der Zwaag, voorzitter Obe Postma Selskip
- 11.00 Dr. Gerlof Verwey, Albert Verwey als nonconformist
- 11.40 Dr. Odile Heynders, Wijsgerige aspecten van de poëzie van Henriette Roland Holst
- 12.20 Discussie
- 12.30 Lunch
- 13.30 Dr. Marco Goud, P.C. Boutens als wijsgerig dichter
- 14.10 Prof.dr. Dick van Halsema, De rol van filosofie in werk en dichterschap van Leopold
- 14.50 Discussie
- 15.00 Thee/koffie
- 15.20 Prof.dr. Philippus Breuker, Obe Postma tussen Plato en Nietzsche
- 16.00 Dr. Lucien Custers, Filosofie en mystiek in het werk van J.A. dèr Mouw
- 16.40 Discussie
- 17.00 Afsluiting en borrel

**Kosten:** Deelname aan het congres staat voor iedereen open. Leden van het Obe Postma Selskip betalen 40 Euro, terwijl niet-leden 50 Euro betalen. In beide gevallen zijn de kosten inclusief lunch en congresbundel.

**Inlichtingen over het congres** kunt u krijgen bij

Prof.dr.Ph.H. Breuker (Singel 1, 8635 MK Boazum, telefoon: 0515-521480, E-mail: ph.breuker@hetnet.nl) of bij Dr. J. Gulmans (Wagnerlaan 7, 7522 KH Enschede, telefoon: 053-4345511, E-mail: jan@gulmans.com).

**Opgave** bij Dr. J. Gulmans (Wagnerlaan 7, 7522 KH Enschede, telefoon: 053-4345511, E-mail: jan@gulmans.com).

## Colofon

### Obe Postma Selskip

'Wjerklank' is it tiidskrift, dat it Obe Postma Selskip twa kear jiers útjout foar syn leden. De redaksje is yn hannen fan Philippus Breuker en Jan Gulmans. De lêste is ek redaksje-sekretaris (E-mail: jan@gulmans.com). Mei 'Wjerklank' jout it Obe Postma Selskip ynformaasje oer de fuortgong fan aktiviteiten, projekten en publikaasjes, mar ek oare nijtsjes oer it wjerfarren fan it Obe Postma Selskip krije der in plak yn. Fierders besteget 'Wjerklank' oandacht oan beskriuwingen fan ûndersyksaktiviteiten, fuortgongsmeldingen, foarstellen fan (nij) ûndersik op it mêd fan filosofy, poëtika, skiednis, natuerwittenskip, foarsafier relevant foar de Postma-stúdzje. Fierder is der fansels plak foar gruttere of lytsere stikken oer wurk of libben fan Postma.

### Abonnement 'Wjerklank'

Neist 'Wjerklank' hat it OPS in webstee: obepostma.nl. Leden fan it Selskip krije 'Wjerklank' gratis tastjoerd. Sy, mar ek oare ynteressearre lêzers wurde útnoege om, yn gefal't sy in artikel bydrage wolle oan 'Wjerklank', kontakt op te nimmen mei de sekretaris. Adres: Obe Postma Selskip: p/a Wagnerlaan 7, Enschede. Tel. : 053-4345511; E-mail: jan@gulmans.com. It lidmaatskipsjild (12,50 Euro) moat oermakke wurde op ABN-AMRO no. 43 74 43 620 fan it Obe Postma Selskip te Enschede.

### Obe Postma Stichting

Neist it Obe Postma Selskip is de Obe Postma Stichting yn it libben roppen. Dizze stichting sil de nedige finansjele middels beskikber prebearje te stellen, dy't foar it wurk fan it Obe Postma Selskip wichtig binne. Donaasjes binne wolkom.

Ûntwerp 'Wjerklank':  
Rob Lucas